



SNEIN-DEI BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE Wurdum Fr e.o.

Snein 11 oktober 2009

Tsjinst fan de tarieding

De âlderling fan tsjinst hjit ús allegearre wolkom. It iepeningsliet is Ps. 119, ferzen 1 en 4: "Wat in gelok foar dy 't de rjochte wei begeane en dy 't har hâlde oan Gods wetten!"

Nei de bemoediging en it Gebed fan Neierkommen sjonge wy fan deselde Psalm de ferzen 43 en 44.

Dêrnei wurdt de Wet lêzen, dit kear mei de tsien wurden sa as dy bewurke binne troch ds. Doede Wiersma.

Tsjinst fan de skriften

1^e lêzing: Tessalonicenzen 3:13-16

2^e lêzing: Matteüs 27: 15-26



Preek:

Paulus, Joad of Antysemyt? Yn it Learhûs fan fan 'e wike hawwe de

dielnimmers mei dy fraach omwraksele. De tekst yn Matteüs (Laat zijn bloed óns dan maar worden aangerekend, en onze kinderen!) is faak brûkt om de Joaden te feroardielen. Net allinne yn ús tiid, mar yn de 2e en 3e ieu ek al troch de tsjerkfaars. Troch de ieuwen hinne is de Joaden grut ûnrjocht oandien. Ds. Wagenaar tinkt dat it net allinne in kwestje is fan antysemitisme, mar ek fan rasisme. As it min giet, wurde der altyd sûndebokken oanwiisd dy't de skuld krije. Troch de tiden hinne hat Europa him altyd ferheven field boppe oare folken, net allinne boppe Joaden mar ek yndianen, negers, sigeuners. Europa hat syn spoaren lutsen as it om útstrûpen giet. En sjoch

hjoed de dei hoe't wy faak omgeane mei frjemdlingen.

Mar werom nei Paulus. Wat wie hy no, Joad of antysemyt. Joad? Ja, dat wie der, mar antysemyt? It antwurd is yngewikkelder as it miskien liket as wy syn brief lêze. Ek hjir jildt, dat men dizze tekst lêze moat yn it ljocht fan de tiid, 2000 jier ferlyn. Ds. Wagenaar jout in foarbyld om dúdlik te meitsjen wat hy bedoelt. Trije jier ferlyn soe hy in lilke brief skreaun hawwe kind oer it Amerika ûnder presidint Bush. Tsjintwurdich sjocht hy – en sjogge in hiel soad minsken – hiel oars oan tsjin it Amerika fan presidint Obama. Dus, soe men him no mei dat (tinkbyldige) brief fan 3 jier ferlyn konfrontearje, dan kloppet dat byld net mear. Mei Paulus is it krekt sa. Paulus hie 2000 jier ferlyn te krijen mei diskriminaasje troch de Joaden. Hy woe ek oare folken belûke by Jezus mar de Joaden woene dêr neat fan witte. Paulus wie dêr poerlik oer. Yn

Tessalonicenzen lit hy him by it skriuwen liede troch syn frustraasjes fan niisneamd en docht hy útspraken dêr't hy no net mear op ôfrekkene wurde mei. Soene wy Paulus hjoed freegje oft hy antysemyt wie, soe hy freegje: "Wat is dat?". Hy soe grif freegje oft wy syn oare brieven dan ek net lêzen hiene, dy oer de leafde foar de oar. It boadskip foar ús is, dat wy alert wêze moatte foar wat der om ús hinne bart, tink om diskriminaasje, haat tsjin frjemdlingen. Lit ús libben in bydrage wêze oan akseptaasje fan oaren, út earbied foar oaren en foar it libben.

Miel fan de Hear

De bôle wurdt



dield en iten en de wyn wurdt dronken.



Tsjinst fan it dielen

1^e Kollekte:
Wrâlddiakonaat

2^e Kollekte:
Tsjerke



Tankgebed- foarbeden- stil gebed.

Blommen

De blommen giene
nei Janke en
Remkes Algra yn
Goutum.

It blomstik wie
makke troch Lies de
Jong.



Arke

Nei de tsjinst moast de Arke oprêden wurde mei
it each op de kommende snein. In protte hannen
holpen efkes mei..



Meiwurkers

Foargonger: ds. Hinne Wagenaar

Oargelist: de hear Minnema út Wurdum

Koster: Jannie Smits

Alderling fan tsjinst: Teake Posthuma

Diakenen: Janny Lindeman en Hinke
Meindersma (hawwe de tsjinst
mei tarêd)